

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma



©Foto Tresoar Haye Bijlstra

Gerben Abma

Gerben Abma is berne op 29-03-1932 yn Folsgeare dêr't syn heit boer wie. Op dizze buorkerij oan'e Folsgeasterleane ha dan al generaasjes lang Abma's buorke.



foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

Gerben wie de sechsde yn in rige fan totaal tsien bern en groeide op yn in tsjerklik rjochtsinnich fermidden. Nei de middelbere skoalle, HBS-B, helle hy it steatseksamen gymnasium A. Dêrnei studearre hy teology oan'e universiteit fan Amsterdam. Nei it kandidaatseksamen feroare hy fan stúdzjerjochting en gie fierder mei skiednis, dêr't er yn ôfstudearre. Dêrneist hat hy as byfak Fryske taal- en letterkunde studearre. Nei syn doktoraal yn 1963 folge hy noch in oplieding ta wittenskiplik archyf ambtner. Hy is dêrfoar slagge. Abma waard leraar skiednis en Frysk oan it Stedelijk Gymnasium en de Stedelijke Scholengemeenschap yn Ljouwert en de Rijksscholengemeenschap yn Snits.



foto LC

De skriuwster fan dit finster, Wytse Heida, hat yn Snits Fryske lessen fan Gerben Abma folge en fan him de taal skriuwen leard. De lessen wiene fakultatyf en waarden jûn nei skoaltiid. Abma joech syn lessen mei strakke dissipline, gjin romte foar grapkes. It groepke wie net grut, de lessen holden op doe't der net genôch animo mear wie. Mei syn oare helte Sjoukje Bakker, dy't as ûnderwizeres de middelbere akte skiednis helle hie, sette hy him te wenjen yn Ljouwert, earst oan'e Nijlânsdyk, letter yn in prachtich hûs oan'e Emmakade. Sy krigen tegearre twa dochters. Syn frou Sjoukje hat har nêst it lesjaan yn skiednis, hieltiten ynsetten foar it ûnderwiis yn it Frysk troch har bestjoerslidmaatskip fan'e Afûk (Algemeene Fryske Underrjocht Kommisje).

Gerben Abma libbe yn twa wrâlden of eins yn trije. Twa wrâlden dêr't hy gjin kar út meitsje koe en dêr't hy allebeide fan hold: hy fielde him troch en troch Frysk, mar de stêd dêr't hy it meast fan hold wie Amsterdam. De stêd dêr't hy studearre, mar dy't hy, nei't er klear wie mei syn stúdzje, ferliet. De stêd dêr't hy him nei syn pensjonearring mei syn frou nei wenjen sette yn septimber 1991. Hy wie dêr in

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

skoftsje duo riedslid foar it CDA yn'e dielrie fan Amsterdam-Centrum. De bân mei Fryslân waard yn dit perioade wer sterker. De simmermoannen wennen Gerben en Sjoukje dan ek steefêst yn harren fistershûske yn Starum. Dêrwei wie it mar in pear kilometer rinnen nei Warns, dêr't jierliks troch de Fryske Beweging de slach fan 26 septimber 1345 betocht wurdt. It pear Abma wie dêr alle jierren by oanwêzich. De tredde wrâld wie it 'geloof der vaad'ren', dêr't hy yn opgroeid wie yn syn bertedoarp.



foto Henk Kuiper (Elmar Kuiper)

Gerben Abma begûn al yn syn studintetiid te skriuwen. Hy publisearre yj tiidskriften as It Heitelân, de Stim fan Fryslân, Quatrabras, Frysk en Frij en De Stiennen Man. Nêst beskôgings, û.a. in rige oer modern proaza yn'e Stim, skreau hy ek koarte ferhalen en gedichten.

In boekfoarm debutearre Abma yn 1962 mei de roman 'De Utfanhuzer'. Hy krige foar dizze roman in twadde priis fan'e Kristlik Fryske Folks Bibleteek, dy't ek útjower wie fan it boek. It wurk foel alhiel út'e toan yn'e rige brave, kristlike boeken dy't de KFFB al jierrenlang op'e merk brocht. Op'e omslach skreau Abma dat de haadpersoan gjin held is, gjin foarbyld is dat neifolge wurde moat.

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

Dramatyske of romantyske foarfallen moat de lêzer dan ek net ferwachtsje. It liket net in kristlik boek, krekt dêrom soene leauwige lêzers dizze roman oer net-tsjerkse, karakterleaze figueren lêze moatte.

De roman beskriuwt in tiidrek út it libben fan in jongeman ûnderweis nei folwoeksenens. De haadpersoan Selis Poutsma hat it der dreech mei om syn plak tusken de minsken en yn'e maatskippij te finen. Hy is in echte slûgert, in jongeman dy't foar it earst it lytse doarp fan syn mem ferlitte moat om yn'e grutte stêd Harns te wurkjen yn in ûndergeskikt baantsje op in lyts hannelskantoar. Yn dizze roman hat Abma in foar him typysk tsjin'e tried yn persoan sketse wollen. De jonge komt daliks ûnder de plak fan'e soere prokuraasjehâlder en de skiteldeftige typiste. Hy wurdt fereale op'e mânske frou fan'e direkteur om dêrnei yn'e earms te fallen fan'e deftige sekretaresse.

Yn dizze earste roman fan Abma spilet al it tema dat yn syn lettere boeken werom komme soe: dat fan isolearre minsken yn'e moderne maatskippij. De roman waard troch ferskate resinsinten net sa posityf besprutsen. Grutste beswier wie dat de rin fan it ferhaal te faak ûnderbrutsen wurdt troch minder wichtige beskriuwingen. Resinsint Anne Wadman, dy't boppesteande kryptyk dield, konstataarre lykwols dat Abma it talint hie om skriuwer fan betsjutting te wurden.

Yn 1969 kaam de twadde roman fan Gerben Abma út, 'De Gersidders'. De roman spilet yn it fermidden dat Abma fan tichtby ken, dat fan boeren. Abma skreau de roman nei oanlieding fan in oprop fan'e KFFB om in moderne boereroman te skriuwen. It boek waard bekroane mei de earste priis en kaam út as preemjeboek fan'e KFFB. It ferhaal is net in tradisjonele streekroman oer it boerelibben, mar fertelt de grutte feroaringen op agrarysk gebiet nei 1945 en de ynfloed dêrfan op de minsken dy't dizze feroaringen ûndergean.

Haadpersoan is boer Ate Mertens, in tradisjoneel, patriargaal haad fan'e famylje, opgroeid yn'e tiid fan it meanen mei de seine en it melken mei de hân. Sa wol hy fierder gean, mar syn soannen wolle dat net mear. De mean- en heasênes joegen Abma in prachtige gelegenheid syn kennis fan yn dy tiid folslein yn ûnbrûk rekke wurden en útdrukkingen sjen te litten. It boek is opdield yn trije bedriuwen. It earste, 'It feest', spilet yn 1948 en lit it boerebedriuw fan'e earste helte fan'e 20e iuw sjen. It twadde, 'It nije buorkjen', spilet tweintich jier letter en it tredde, 'Pleats en soannen', lit de tragyske ein fan in boerefamylje en- bedriuw sjen mei de selsmoard fan'e âldste soan, dy't syn grouwélige ûnderfiningen yn'e oarloch yn Yndonesië net te boppe kaam is. Resinsint J. Noordmans sei yn syn besprekking

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

(Ljouwerter Krante, 28-11-1970) dat Abma mei 'De Gersriders' oertsjûgjend bewiist dat er skriuwe kin as hy it ûnderwerp yn'e macht hat.

Abma hat altiten kritysk sjoen nei it literêre klimaat yn Fryslân en hy besocht de kontakten tusken Fryske en Nederlânske skriuwers te ferbetterjen. Hy rjochte yn 1967 mei Feijo Sixma van Heemstra (skûlnamme foar Homme Ernstma) en Josse de Haan it twatalige tiidskrift A-wyt op, dat goed twa jier letter wer opheven waard. Abma skreau yn dit blêd ûnder de skûlnamme fan G. Jelles.

De jonge skriuwers skopten yn harren kolums tsjin alle seare skonken yn it Fryske literêre wrâldsje. Foaral Abma liet fan him hearre yn bûtengewoan fel oanfallende teksten mei as gefolgen fûleindige konflikten. Dit wie ek syn bedoeling. Trinus Riemersma û.o. joech flinke krityk op artikels fan Abma yn it literêre moanneblêd De Tsjerne. Abma krige de kâns syn galle te spuien oer it Fryske kulturele libben yn it blêd Trotwaar, dat syn meisteanders Josse de Haan en Reinder van der Leest oernommen hiene. 'It Fryske kulturele libben stiet stiif fan freonepolityk en is sa ticht as in pot' stelde Abma fol oerstjûging fêst. Hy bepleite in demokratyske besjoersfoarm fan'e Fryske Kultuerrie, dy't alle subsydzjes fêststelde. Foaral Ype Poortinga moast it ûntjilde, dy't û.o. haad fan'e letterkundige ôfdieling fan'e Fryske Akademy wie. Ek de konservator fan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, sjoernalist Freark Dam, krige fan Abma in feech út'e panne. Hy ferwyt Dam dat hy syn freon Jan J. Bylsma (dichter en romanskriuwer) oan in baantsje holpen hat. Jo Smit naam it foar Freark Dam op en typearre Abma as in moreel defekt minske mei in troch en troch sike en betize geast. Abma naam dit net en dage Jo Smit yn 1971 foar de rjochter, dy't him ta in lytse boete fan 50 gûne feroardiele.

Mei de jonge dichter Pieter Yedema rjochte Abma de Wurkgroep Kultuer Fryslân op om de hiele Fryske kulturele wrâld te herfoarmjen, sadat der mear romte komme soe foar fernijende keunstners. Dat soe folslein slagje. Yn dyselde tiid sette Abma mei stipe fan J.B. Singelsma, de oprjochter fan'e Fryske Nasjonale Partij, útein mei in demokratisearringsaksje by de Fryske Akademy, dy't nei in lang skoft súkses oplevere. Mar syn keihurde en meast ûnbekôge krityk op wat hy seach as freonepolityk, waard him regelmjittich net yn tank ôfnommen. Begjin jierren santich wie Abma ek ien fan'e inisjatyfnimmers fan'e letter sa súksesfolle "boekesuteldersaksjes". Yn dyselde tiid besocht hy, tegearre mei oaren, it kontakt tusken skriuwers ûnder elkoar te ferbetterjen troch it organisearjen fan skriuwerswykeinen.

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

Yn 1973 kamen twa nije wurken fan Gerben Abma út: 'De nacht fan in Leechrinner' en 'Leafde op bitter lemon'. Beide eksperimentele wurken ha as sintraal tema it strjiben fan 'e ienling om oerein te bliuwen yn 'e moderne maatskippij. Yn 'e boeken, dy't autobiografyske eleminten befetsje, wrakselje de haadpersoanen net allinne mei harren sels, mar ek mei de ynfloeden fan harren ortodoks kalvinistyske opfieding.



foto LC

Dit is in eksperimentele roman, sei Abma tsjin 'e kommissaris fan 'e keninginne H. Rypstra, doe't hy him it earste eksimplaar fan 'De Nacht fan in Leechrinner' oerlangje mocht. Hy heakke dêr oan ta: 'It lêst as slaad, der sit wat seks yn ferarbeide... en it leauwe is bewrotten'. De haadredakteur fan Frysk en Frij, Klaas Jansma, wie lykwols fan betinken, dat de skriuwer fan dizze prachtige beloften net al te folle wier makke hie. Abma syn besykjen de Fryske literatuer te modernisearjen achte Jansma folslein mislearre. Oare resinsinten wiene it mei him iens.

De novelle 'Leafde op bitter-lemon' is it oandwaanlike ferhaal oer in útstapke fan in man op middelbere leeftyd mei in jong famke mei de krystdagen. Dit betearnt hielendal ferkeard, om't syn kroechfreonen it pear lestich falle. Neffens guon resinsinten is dit it bêste dat Abma op literêr mêd skreaun hat. Tige fyntsjes ferbynt hy it mannelike langstme fan de al âlder wurdende man nei it ferlerne leauwen fan syn jeugd mei dat fan in lêste oprjochte ferealens op in jong, perfoarst net dom blond famke.

Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma




foto LC

Gerben Abma hat, tegearre mei Klaas Jansma, de haadredaksje fan de yn 1975 útkommen mûnske twadielige 'Encyclopedie van het hedendaagse Friesland'. Dizze waard útjûn troch Van Seijen út Ljouwert mei gearwurking fan in grut tal specialisten. Yn 'e boeken steane artikels oer de Fryske letterkunde en de kultuer yn Fryslân. Mei kollega haadredakteur Klaas Jansma skreau hy earder yn 1974 'Dwalend door het Hoge Noorden', in paadwizer foar de Lauwersmar en omkriten. Klaas Jansma en Gerben Abma soene nei dizze publikaasje noch regelmjittich mei elkoar op arbeidzje. Ek privee ha se in soad mei elkoar te krijen. De frou fan Klaas is de dochter fan 'e âldste suster fan Gerben.

Yn 1980 promovearre Gerben Abma oan 'e Vrije Universiteit fan Amsterdam by A.Th. van Deursen op it proefskrift: 'Geloof en politiek: Confessionele partijvorming in Friesland: ontstaan en eerste jaren (1852 – 1871)'

It algemiene karakter fan dizze stúdzje is net Frysk mar Nederlânsk, lykas de herfoarmingen fan Thorbecke, de dêrnei folge reaksje fan 'e Aprilbeweging fan 1853, de Skoallestriid en it ynderlik ferval fan 'e Nederlânsk Herfoarme Tsjerke. Yn Fryslân waard nochal krityk levere op it feit, dat Abma dit mûnske boek oer Fryske skiednis yn it Nederlânsk skreaun hie. Foaral de heechlearaar Frysk oan 'e VU, Tony Feitsma, foel him hjir op oan.



Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

Abma hie altyd in soad krytyk op'e Fryske kultuersituaasje, de Fryske letterkunde yn it bysûnder. 'Alle jierren haw ik wer de hope, dat it better wurde sil, mar alle kearen falt dat wer ôf.' Hy utere jierrenlang syn krytyk yn ferskate publikaasjes. Dêrneist skreau hy toanielresinsjes foar it Frysk Deiblêd en kolumns yn Frysk en Frij.

Yn'e jierren nei syn promoasje skreau Abma ûnderskate boeken op it mêd fan histoarje en streekskiednis. In seleksje dêr út: Oer de gemeente Leeuwarderadeel skreau hy: 'Ljouwerteradiel: de voortreffelijkste voorstemmende ende meest contribuerende grietenije van Oostergo (1984)'. De wiidfiemjende geakunde 'Himmelumer Aldefurd en Noardwâlde In tal aspekten fan de skiednis fan in eardere gritenij' ferskynde yn 1993. Oanlieding wie de gemeentlike weryndieling dy't yn dy jierren yn Fryslân syn beslach krige. Hy ferdjippe him ek yn'e Fryske stúdzjeliene. Oer dat ûnderwerp hat hy ferskate publikaasjes op syn namme stean, û.o.: 'De vier Bolswarder lenen': Het Wijbengaleen (1452), Het Houckamaleen (1478), het Hendrik Nannes- en Catrijn Epesleen (1511 en 1524), het Hettema-Heeremaleen. (Ta ynformaasje: In stúdzjelen is de finansjele stipe fan'e teologystúdzje fan famyljeleden nei de dea fan in ryk persoan. It jild komt beskikber út'e pachtjilden fan'e besittingen fan'e ferstoarne persoan.)

Nêst dit mear serieuze wittenskiplik wurk, publisearre hy mei Jansma, Meindert Schroor en in tal oare skriuwers, populêre oersichtswurken oer de Nederlânske skiednis en de agraryske skiednis. Tegearre mei de VU heechlearaar Jan de Bruijn redigearre hy yn 1989 in bondel artikels oer syn grutte teologyske held P.J. Hoedemaker. Yn syn artikel oer Hoedemaker en de polityk wiisde hy op de aktuele betsjutting fan Hoedemakers ideaal fan in algemiene kristlike skoalle yn plak fan it bysûnder ûnderwiis fan Kuyper. Abma skriuwt fierders geregeld bydragen foar it Biografisch Lexicon voor de geschiedenis van het Nederlandse protestantisme, û.o. oer Hoedemaker en Wumkes

Se ha de ein hast yn 'e bek

Iennis yn 'e wike krijt Gerben Abma, learaar Frysk oan de SSG yn Ljouwert in bûtenwenstich keppeltjse learlingen yn syn lokaal. Leararen en technysk-administratyf persoanen fan de skoalle krûpe dan sels wer efkes yn de skoalbanken om fan Abma Frysk te learen. Prate kinne de measten it wol, mar it skriuwen is foar de measten in dreech punt. „Ik hie tocht dat dizzen yn in heal jier harren AFUK-a diploma wol ha soenen, mar se binne sa serieuus, dat it wat stadiger gien is,” seit dr. Abma fan syn learlingen. De groep is yn novimber 1980 úteinset mei likernôch tweintich man. De helte is der noch fan oer. „Se ha de ein hast wat yn 'e bek,” seit Abma. „Se ha wakker pine yn't liif oer it eksamen yn april en se binne deabenaud dat se it net kinne. Ien fan de wiskundemannen hie my oars ek al warskôge. Dy hie doe't er noch op skoalle siet al ris hearre moatten dat er in taalgefoel hie as in klomp. Mar se dogge wakker har bêst.”



Op de foto: Dr. Gerben Abma mei syn learlingen Frâns Holwerda (ierdrykskunde), Meinte Kamminga (Rector en wiskunde), Simke Blauw (natuerkunde), Frans Mentjox (wis-

kunde), Louise Stempvoort (Frâns), Frederik Smit (kantinebaas), Grytsje de Vries (kantinekracht), Homme Bakker (amanuensis) en Jan fan der

Ploeg (administrateur). Gerrit Boersma (natuerkunde) oars in trou kursorist, wie absint doe't de foto makke waard.

LC 13-03-1982 *

Nei goed tritich jier komt de ûnderwilens pensioneerre Abma yn 2005 mei de nije roman 'De Brek'. De titel ferwiist nei de namme fan 'e mar dêr't de roman him foar it grutste part ôfspilet, mar ek nei foarfallen út it libben fan 'e haadpersoan: it fuortgean fan 'e heit, it ferbrekken fan in relaasje en it nimmen fan yngripende beslissingen yn it libben. Sintraal stiet de relaasje fan in jonge organisaasjesaakkundige fan boerekomôf út it Fryske marregebiet mei syn freondinne. Earstoan is dat Sijke, waans âlden in hûske oan 'e Brek hawwe, dêr't se sa út en troch in wykein binne. Net fier dêrwei wennet syn beppe en ek in tante mei omke Jarich, de broer fan syn heit, dêr't hy nei ferneamd is. Healwei it boek ruilet hy Sijke sûnder in soad omhaal yn foar Gisela, dy't er kin fan in managementkursus en mei wa't hy mooglik de buorkerij fan syn krekt stoarne omke oernimme wol.



Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

De Dútske besetting en de kar tusken goed en ferkeard yn'e famylje fan'e haadpersoan spilet dêrby in wichtige rol. Syn heit wie ferkeard yn'e oarloch en hat as ferdigening syn ferhaal opskreaun. Dy papieren hat Jarich krekt fan syn beppe krigen. Oars as yn syn earder literêre wurk rint it yn dit boek foar de haadpersoan goed ôf. De kar foar it plattelân en it boerelibben blykt in goedenein te wêzen. Kleardernôch hie Abma him fermoedsoene mei syn libben yn'e lytse, kulturele wrâld fan Fryslân. It boek lit tagelyk noch in lyts stikje streekskiednis fan'e Fryske Súdwesthoeke sjen.

De lêste jierren fan syn libben sette Abma him hertstochtlik yn foar de meast nasjonalistyske fleugel fan'e Fryske Beweging, de yn 1915 troch de dichter Douwe Kalma oprjochte Jongfryske Mienskip. Hy brocht as einredakteur sûnt 2007 it lytse ferieningsbledsje Lyts Frisia ta nij libben ûnder de hoopfolle namme fan Nij Frisia.

Fan herte wurke hy mei oan'e 'Nieuwe Encyclopedie van Fryslân', dy't yn'e hjerst fan 2016 útkomme soe. Dat mocht hy noch mei meitsje.



Dorpscanon van Folsgeare

Gerben Abma

De ferlette jubileumgearthomste fan'e Fryske Mienskip op 2 desimber 2016, dêr't it grutte jubileumnûmer fan Frisia ûnder redaksje fan Gerben presentearre waard, koe hy net mear meimeitsje. In dei dêrfoar waard hy troffen troch in slimme oerhaal. Hy wie krekt thúskommen yn Amsterdam, neidat it simmerhûske yn Starum ferkocht wie. In pear dagen letter ferstoar hy op 5 desimber 2016.

https://jongfryskemienskip.com/bestannen/2016nijfrisia3_en_4.pdf

Colofon

Gearstalling tekst: Wytske Heida

*Boarnen: LC**

Tresoar: <https://www.sirkwy.frl/index.php/schrijvers-biografieen/22-a/382-abma-gerben-3>

Jaarboek van de Maatschappij der Nederlandse Letterkunde 2017, artikel Gjalt Zondergeld Friese literatuursite, Jelle van der Meulen

https://nl.wikipedia.org/wiki/Gerben_Abma

<http://www.genealogy.com/ftm/n/i/e/Elisabeth-Nieuwhof-PE/WEBSITE-0001/UHP-0635.html>

Foto's: Henk Kuiper (Elmar Kuiper), Ljouwerter Krante (fia Tresoar), Atse Bruin, Tresoar

**Fotograaf fia LC net te efterheljen*

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.